

Better earm
mei eare as ryk
mei skande

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Iepenloftspul Jorwert

'It is te gek! De dream om oan sa'n grutte produksje mei te dwaan komt út'

Pagina 3>

Jubileum De Klomp

'It draait as in tierelier. In dei moai waar en de swimmers komme fan alle kanten'

Pagina 7>

Greidhoek' Festival

De lêste edysje is op 7 septimber. Der komt by organisaasje romte foar nije ideeën

Pagina 7>

Beukers hiene by juf Klaasje altiten in streekje foar



Mantgum – Har hert lei by de beukers. Klaasje de Jong-Blumers út Mantgum hie wol it foech om les te jaan yn de hegere groepen fan de basisskoalle, mar de beukers hiene by har in streekje foar. Nei 45 jier yn it ûnderwiis set juf Klaasje in punt efter har karriêre. De lêste jierren stie se yn Winsum oan skoalle. Begjin july nimt se ôfskie.

Troch Hinne Bokma

Se hat útrekkene dat se yn de ôfrûne 45 jier wol mear as tûzen bern yn de klasse hân hat. Dêrby giet De Jong der fan út dat der gemiddeld sa'n 24 bern yn de klasse sieten. It wiene der gauris mear, op it stuit jout se sels les oan in groep fan 29 beukers. Mar it hawwe der ek wol

ris seis west. Sa hie se op de Reinbôge yn Kûbaard trije beukers en waard de groep oanfuld mei trije pjutten. „Ik hie dêr in prachtige tiid. Spitich dat de skoalle ticht moast. Yn Kûbaard wie elts sa ien mei de skoalle.” As je sa lang yn it ûnderwiis sitte as Klaasje de Jong dan ûntkomme je der net oan dat je bern yn de klasse krije, wêrfan ek de âlders by har yn de klasse sitten hawwe. „By guon bern sjogge je trekjes fan de âlden werom kommen”, fertelt de juf.

Famylje

Se is berne en opgroeid yn de Westereen. As beuker mocht se in muoike, dy't ek beukerjuf wie, nei skoaltiid helpe mei opromjen. Doe wist Klaasje al dat se letter ek beukerjuf wurde woe, krekt as har

muoike. „Ik ha nea twifele.” Boppedat siet it lesjaan ek wol wat yn de famylje. Sawol fan memme- as fan heitekant sieten famyljeleden yn it ûnderwiis. Twa skoansusters wiene beukerjuf. En it ûnderwiis-firus is ek oerslein op har dochter Sjoukje, dy't yn Baard foar de klasse stiet. Nei de oplieding kaam se yn Dokum foar de klasse. De leafde brocht har nei Mantgum, dêr't se troude mei Haye de Jong. Der kamen twa bern. „Mar ik bin altiten wurkjen bleaun. Myn man wie doe húsman.” Se kaam yn Mantgum foar de klasse, de beukerskoalle siet doe noch yn it gebou oan de Seerp fan Galemawei. Al ridlik gau gongen de beukers oer nei in nije skoalle, dêr't ek de legere skoalle yn ûnderbrocht wie. Yn 1999 folge de oerstap nei De Opslach yn

Wommels en yn 2014 kaam se yn Kûbaard „Yn dy tiid joech ik ek les yn Winsum.” Nei de sluting fan Kûbaard bleaun se yn Winsum.

Kontinureaster

Klaasje de Jong makke alle feroarings yn it ûnderwiis mei. De komst fan de basisskoalle yn 1985, de automatisearing, de citotoets en oare foarmen fan oerlis. „Earder waarden tusken de middei, ûnder it middeisiten, de saken bepraat.” Mei de ynfiering fan it kontinu-reaster ferdwûn it skoft tusken de middei en de rinnende saken komme no oan 'e oarder yn in fergadering fan it ûnderwiisteam fan de skoalle. Mei it klimmen fan de jierren foelen foaral de ombal-lingen har hieltiten swierder. „It wurk is net dien mei it lesjaan op

skaalle. Yn ús eigen tiid dogge je in hiel protte, dat sjogge de minsken net altiten.” Se fynt it spitich dat troch dy hege wurkdruk in protte minsken yn it ûnderwiis ôfheakje. Se hat altiten mei in protte nocht wurke mei de beukers. It is de spontaniteit fan de bern, de ûnbefangenheid. „Se binne rjocht troch see.” Safolle binne de bern yn de ôfrûne fjouwer desennia net feroare. „Se binne miskyn wat earder wiis”, seit De Jong. De âlden binne wol wat feroare. „Alden binne folle nijsgjirriger, se wolle mear witte oer de bern. Se binne der mear by belutsen.” Op 5 july is it offisjele ôfskie fan it ûnderwiis. Dat feest is fansels mei de bern en mei de oare learkrêften fan It Bynt. „Mar ek ús mem komt. Se is al 92”,



Schoonheidssalon Joke

Praktijk voor
huidverzorging

25 jaar 1994-2019

Lid ANBOS
De Dobbe 3a, 9022 BE Mantgum • Tel. (058) 250 16 18
info@schoonheidssalon-joke.nl • www.schoonheidssalon-joke.nl



Timmer- & Aannemersbedrijf van Ruiten

OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Zwembad De Klomp 45 jaar
Jubileumfeestweekend

5 juli Discozwemmen en een spectaculaire attractie
6 juli Livemuziek van It Takes Two en diverse activiteiten
Hapje en drankje van It Dielshûs
7 juli Stormbaan in het diepe bad

zwembad de klomp

zwembaddeklomp.nl

Wurkje oan nije brêge by Wjelsryp



By Wjelsryp wurdt op it stuit hurd wurke oan in nije brêge oer de Frjentsjerter Feart. De provinsje Fryslân fergangt de âlde brêge om't dy net mear geskikt wie foar swier ferkear. De nije brêge sil oan 'e ein fan dit jier klear wêze. Foar de skipfeart giet de trochfarichte omheech fan 2,40 nei 2,60 meter. It autoferkear makket oant heal novimber gebrûk fan in tydlike brêge. De skipfeart kin oant begjin desimber gjin gebrûk meitsje fan de Frjentsjerter Feart. Boatsjeltje moatte omfarre fia Baard en Easterlittens